



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. Himmelfeartsdei 17 maaie 2012

Dautraapje

Der wiene dizze Himmelfeartstongersdei wer aardich wat minsken betiid nei de Fikarij takommen. Sa'n lytse fjirtich minsken. Ek in pear wat minder



fertroude gesichten wienen derby. De measten dêrfan komme fan de gemeente Westerwe

rt en guon dêrfan wienen krektlyn noch mei ds. Wagenaar as reislieder nei lona west. It wie ideaal waar foar dautraperij. In wyntsje en in sêft sintsje.



It earste stik rûnen wy yn stilte. Wy hearden en seagen dêrtroch in protte fûgels. Wy seagen û.o. swannen fleanen.

Tuskenstops

De earste stop wie by it tsjerkje yn Swichem.



Wy lies ds. Wagenaar de wurden fan it boek Genesis oer Abraham dy't op paad giet en alles loslitte moat. Corry Brouwer slútte dêr

op oan troch it foarlêzen fan in tekst fan de Dútske muonts Anselm Grün oer it effekt wat it ferlitten fan it heitelân hat op minsken. Wy gienen fierders en songen 'Nim my, nim my sa't ik bin', in liet út de lona-bondel 'Wylde goes'.

De twadde tuskenstop wie op it brechje midden yn it



lân op de 'Rietlandroute' richting Wirdum, foar it Loo. Wy moasten foar de symboalyk eins op de brêge stean. De brêge fan it âlde nei it nije, fan it iene stik lân nei it oare. Dêr wer twa teksten. Dûmny lies út Hebréeën 11; 8-12 en Corry in tekst fan

Anselm Grün; It loslitten kaam hieltiid tichterby. Loslitten fan je bern, je âlden, dingen dêr't je altyd fan oannamen dat it sa wie? Lit se ris los, besjoch it ris mei in oare blik. Is datjinge watst fêsthâldst op dit momint wol goed foar dy of kinst better ris âlde saken loslitte en in oare wei ynslaan? Hokker saken soesto eins loslitte moatte?

De tredde tuskenstop wie, tradysjegetrou op it âlde plak fan Jouwsmastate.



Dêr gjin geastlik foer mar echt. De diaconie (Jannie en Alie) hienen broadsjes, kofje, tee en in appel foar ús



fersoarge. Dêr wie it sa noflik iten en praten dat ds. Wagenaar ús oantrúne moast om wêr fierders. Wy moasten om 9.30 oere wêr yn de Martinustsjerke

wêze foar de koarte moarnstjinst.

Op de foto's kinne jim sjen hoe weelderich de natoer al is.



Oer it nije rinpaad troch it lân gienen wy rjochting Werpsterdyk en sa fierder nei tsjerke ta.



Mei ús frijtiidsklean, rinskuonnen en beswitte koppen joegen wy ús del op de tsjerkebanken. Oare tsjergongers dy't net rûn hienen kamen der by. Der folge in ienfâldige tsjinst.



De Himmelfearrtsjinst

De meditaasje troch ds. Wagenaar gie fierders op it tema loslitten. Yn it ferhaal oer Himmelfeart komt in

opfallende sin nei foaren: 'En sy (de learlingen) dikerren nei de himel'. Harren learmaster en lieder hienen se fuortgean sjoen, meinommen op in wolke. Wat moasten se no?

Foar ús tsjerklike mienskip is der ek in tiid fan loslitten. Net allinne wikselje der in stikmannich ambtsdragers mar ek dûmny giet fuort en de foarsitter fan de tsjerkenried. Tagelyk is ús skriba heal út de running dus..... Wat moatte wy no? Komt it allegear wol goed?

Wy witte dat nei Himmelfeart it feest fan 'e geast komt; Pinksteren. Wy meie fertroue op dizze Geast en de net ôflittende trou fan Jezus. Linda en Teake songen deselde bemoedigjende wurden foar ús as dy't Jezus útspruts foardat er ús wrâld efterlitte: Sjoch ik bin mei jim (as it libben jim nypt, yn 'e tsjustere nacht, oant it ein fan de tiid ensafuorthinne). Dêr meie wy op fertrouwe.



Foargonger: Ds. H. Wagenaar

1^e ouderling: Corry Brouwer

2^e ouderling: Geartsje van der Meer

Oargelist: Klaske Deinum

Tarieding dautraapje: Ds. Wagenaar, Tjitske Visser, Corry Brouwer

De blommen gienen nei: De hear en mefrou Hoekstra

